

Earste Keninklike besite op 'e PC

PC fan 30 july 1947. F.r.n.l. foar in folle Bogttribune: mr. Henri Linthorst Homan (kommissaris fan de Keningin), mr. Klaas Bylsma (PC-foarsitter), prins Bernhard (yn mear as ien opsicht sintraal op de foto), Jan Rodenhuis-Hiele de Haan-Pieter de Haan (it preemjewinnend partoer dy deis) en fêste skiedsrjochter Klaas Wierda.

De foto is nommen yn it skoft krekt foar de finale. De lange skaden jouwe de tiid fan de dei oan en litte tagelyk sjen dat it moai waar wie. De prins wie tsjin seizen op it Sjúkelân ferskynd, ûnder de heale finale tusken de partoeren Theo van Dijk-Lammert Heeringa-Gerrit Groen en Rodenhuis en syn maten. De partij waard fuort stillein. Doe't er goed en wol op 'e tinte siet, waard it Wilhelmus 'door de duizenden bezoekers staande [...] meegezongen' (*Frane-ker Courant*, 1 augustus 1947). Doe hood mr. Bylsma noch in koarte taspraak en pas dêrnei koe de heale finale útkeatst wurde. Van Dijk en syn maten makken der neat mear fan. De prins koe de finale net mear bywenje. De priis waard wûn troch Hotze Schuil (k), Æbe Haima en Frans Helfrich.

Dit wie de earste kear dat in lid fan it Keninklik Hûs de PC besocht. De prins hie dat jiers de jubileumresepsje fan it doe krekt fyftichjierrich Keatsbûn bywenje wollen, mar koe úteinlings net. In pear moanne letter hie de PC dan de eare om de prins - sij it koart - as gast te hawwen. Mar ek it Keatsbûn stie yn 1947 net hielendal mei lege hannen: mr. Henri Linthorst Homan koe op de neamde resepsje meidiele dat it Bûn it predikaat 'keninklik' krigen hie. Dêr soe de PC noch 56 jier op wachtsje moatte (oant de resepsje fan it 150-jierrich bestean). (Foto: Hein Faber)

De redaksje

